




Lyts Frisia

tydskrift foar fryske striid en literatuer

JIERGONG LX nûmer 1

maart 2011

ISSN 0166-6029



Diz' kear gjin omtinken foar wat soe: slûge soe ek. Mar wa wit, wat sit yn it fet. Behalve de fêste rubriken, yn *snipers* inkele wurden oer *Tryater* dat seis dagen yn Amsterdam tahâlde en foar in publyk fan in foege hûndert minsken foar master opsloech foar allegear Hollânsk praters. Mei in stik fan Tom Lanoye, in Frysk pardon Flaamsk skriuwer sa't wy dy net kenne. En oer harren dy foar de twatalige taalûntwikkeling fan pjutten noed stean wolle.

Wy winskje ús meiwurker Rommert Tjeerdsma lok mei it ferskinen fan syn twadde roman *Reboelje yn Kollumerlân*. It jout in meinimmend byld fan it libben yn de tiid fan it Kollumer Oproer yn 1797. Lêze!

de einredaksje

Samplers: foar kopij op papier, Piter Dykstra, Wykwei 4 8434 PG Waskemar; digitale kopij, abma.g@wanadoo.nl Fêste meiwurkers Bertus Postma en Rommert Tjeerdsma. Opmeitsjen en technyske fersoarging: Piter Dykstra. Einredaksje, dr. G. Abma, abma.g@wanadoo.nl, Plantage Doklaan 13, 1018 CM Amsterdam. Lidmaatskip Jongfryske Mienskip ynkl. Lyts Frisia €10,00, inkeld LF €7,50. Giro 1069535 op namme fan Skathâlder Jongfryske Mienskip, Tj.H.Haismastrjitte 26, 9251 AV Burgum.

*Steven H.P. de Jong.
Út 'e nije bondel: 'en de
inket sil útrinne'*

hoe âld bin ik

de ûnbidige katedraal leit
oan pún foar myn fuotten
de stêd sûnder ein
is net te berinnen

tusken de stiennen
bidde muontsen
asketysk
foar har hoalen
as bidlers yn âlde juten pijen

dit is it folk dat ik bemin
dit is de stêd dêr't ik fan hâld
de brune midsieu
fan myn foarâlden

hoe âld bin ik
dat ik yn 'e 20^e ieu noch libbe

In fers út it krektlyn bondele wurk fan Steven H.P. de Jong, dichter/romanskriuwer/ esseeïst/bewurker, jierrenlang warber en jit altyd. Fyftich jier Fryske poëzij, fan utjouwerij Frysk en Frij kreas besoarge. Mist it net hat baas Goasse Brouwer in skoftsje út 'e rûlaasje west, lokkigernôch is er wer by de wurken. Wa wit wat wy noch fan him ferwachtsje meie.

Steven H.P. skriuwt moaie fersen, gjin himelbestoarmjende, earder bedarde. Bylden en metafoaren oerfalle jin net en hâlde jin net út 'e sliep, it wurk is oer it ginneraal frij maklik tagonklik. Ferrassend wol hjirby net sasear passe, anekdoatysk wol, persoanlik ek.

In oar staaltsje.

út 'adam de túnman'

de tún wie grien en brún en
swart
dû klaaide sty mids blommen
dwelmjend

tear

ik wie de túnman
o sa ferstannich
mei skoffel en snoeimes

wy groeiden oan 'e beam

fruchten

poëzij

Net elk sil daliks dûbel achteroer slaan. Al falt de grutte betsjutting op fan it wyt op de bledside; by moderne fersekeunst yn it algemien, nettemin hjirre. Jierren ferlyn, om 1960 hinne, skreau Marten Brouwer fan it ferspilde *quatrebras* in essee oer de grutte funksje fan it wyt op de side by moderne poëzij. Harkfersen en sjochfersen hie hy it oer. Doe is derom lake. In jiermannich ferlyn is oer itselde in dissertaasje útkommen. Yn dizze fersen fynt men it werom. Gjin niget, Steven H.P. wie meiwurker fan *quatrebras*. De útjouwer is by de tiid: achterynt yn c.d. mei sânentweintich fersen, troch de dichter foar de dichters-telefoan Stichting Operaasje Fers yn de jierren 1968-1994 foardroegen.

de einredaksje

Us eigen taal (5)

Utgongspunten foar in Fryske taalstandert (4)

Yn de lêste trije nûmers fan *Lyts Frisia* út 2010 haw ik it stikmannich boustiennen levere foar in Fryske-taalstandert. De tendins ta 'normalisearring' fan it Frysk yn wurdboeken is al mear as hûndert jier oan de gong, mar foar it skriftlike ferkear hat dat spitigernôch jitte (noch) altiten net ta in goed omskreaune en konkretisearre standert laat.¹ Ik haw der yn myn foargeande fjouwer stikjes yn *Lyts Frisia* sterk foar pleite om yn teksten de wyldgroei fan minder gaadlike farianten yn it Frysk en benammen fan 'min'-Frysk en hollânismen better tefoaren te kommen. Foaral yn it ûnderwiisdomein (learmiddels, toetsen, eksamens) is dat in driuwend probleem. Mar ek yn teksten foar it offisjele ferkear fan Fryske oerheden of yn krante-artikels fan sjoernalisten of oaren.² De grize giet jin somtiden oer de grouwe(l) as men sjocht wat der jamk (gauris) sûnder euveldoed, hokfoar besleur of selskrytyk ek op it papier (is it *pompier* al weiwurden?) del kwattele wurdt.

Sadwaande is der dus neffens my driuwend ferlet fan in bettere en effektiver 'standert'. Dy moat dan op de skoallen en yn leargongen sa konsekwint mooglik oanleard wurde. En fansels hantearre wurde yn Frysktalige learmiddels. Net allinnich foar it fak Frysk, mar foar alle mooglike oare fakken: de Fryske en algemiene skiednis foarop. Of is it net in lytse ramp as Jan en alleman syn of har al of net bewuste yndividuele of persoanlike 'noarm' loslit op teksten dy't foar bern, studinten, amtners, juristen en oare boargers ornearre binne? Dat is skealik foar de taaloerdracht en likemin goed foar de status fan it Frysk. It liket wol oft gâns skriuwers fan ûnderwiislearmateriaal it probleem amper sjogge, amperoan sjen wolle of skraachwurk de taal- en staveringregels yn hawwe. It liket somtiden krekt oft it Frysk gjin taal wêze mei dêr't 'men' *kultuertaal*pretinsjes mei hawwe moat.

De provinsje hat neist hiel wat jierren al wol de stavering foar in grut part fêstlein, al is dat net al te konsistint dien.³ Mar dat, foar ús Friezen, winliken heechste oerheidsorgaan, hat it fierdere noarmearjen en standerdisearjen fan it Frysk slim sloere litten. Slûch en sleau (merkbite jo de alliteraasje wol?). Dêr krije wy no de rekken foar presintearre. Organisaasjes as de Afûk en de Fryske Akademy hawwe harren allinkendewei sels mar wat behelpe moatten en eigen regels opsteld foar de taal fan learmiddels en oare boeken. Se passe dy lykwols

¹S.T. Hiemstra, hdst. XIII 'De taalnoarm' (s. 242-279). Yn: A. Dykstra en R.H. Bremmer Jr. (red.), *In skiednis fan 'e Fryske Taalkunde*. Ljouwert: Fryske Akademy, 1999.

²Sjoch myn analyze fan it alderheislikste taalgebrûk fan LC-kritika (en literêr skriuwster) Jetske Bilker yn *Lyts Frisia*, 2009, s. 4-11, 33-39). Sokke kritisy hawwe in foarbyldfunksje. It is nei 2009 al wat better mei har wurden, mar sûnder wryt of slyt is it noch lang net.

³It beslút is fan krêft sûnt 1 jannewaris 1980 en foar de frjemde wurden sûnt 25 novimber 1982. Sjoch ek: S.T. Hiemstra, hdst. XIII 'De taalnoarm' (s. 242-279). Yn: A. Dykstra en R.H. Bremmer Jr. (red.), *In skiednis fan 'e Fryske Taalkunde*. Ljouwert: Fryske Akademy, 1999, s. 170.

lang net altiten konsekwint ta. Om oer gâns oare útjouwers mar te swijen. Hawwe dy eins wol regels?⁴

Dat soe dochs oars moatte. Hast in ieu ferlyn tocht Douwe Kalma (1896-1953), jimme benammen bekend as lieder fan de Jongfriezen (1915), dat ek al. Kalma stie in Frysk foar dat tige krekt en mei opsetsin opboud wurdt, mei help fan de nedige purismen en nijfoarmings. Unsuvere ynfloeden woe(d) er út taal en kultuer en út soarte ek út de 'standertnoarm' keare. Kalma hat der yn ferskate fermiddens foar krewearre (bgl. yn de Afûk) en der gâns oer publisearre.⁵ Ik ferkear dus krapoan in ieu letter grif yn goed selskip mei de (njoggen) útgongspunten dy't ik oant no ta beskreaun haw yn myn fjouwer eardere stikjes yn *Lyts Frisia*. Mar der komme noch in stikmannich op dat mêd. Ik bin noch net alhiel útpoept. Yn dit artikeltsje nûmerje ik troch en ferfetsje myn útstellen om it ferskaat oan foarms te ferminderjen (ealgje út 'e flecht wei ek wer efkes it stêfrym).

10 Ferfolch reduksjemooglikheden

- By ferlytsingswurden ferliest *-ke* terrein oan *-tsje*. Bygelyks by wurden op *-l*: holke en leppelke binne holtsje en leppeltsje wurden. By fariaasje (yn it *Frysk Wurdboek F-N*, 1984) tusken de ferlytsingsfoarm *-ke* en *-tsje* soe it efterheaksel *-ke* dêrom as standertnoarm beskôge wurde moatte, bygelyks: autoke, bekerke, buroke, kastke, kistke, truike (net opnommen ûnrant as bekertsje, listje, truitsje binne fansels alhielendal 'ferbean').⁶

- It foarheaksel *ge-* wurdt troch Fryske skriuwers gauris mijd, omdat de wurden dy't dêrmei foarme wurde, wol wat fan it Hollânsk wei hawwe. Op himsels kin men dêr ynkomme. Mei in aardich rychje wurden kin dat net. Tink mar oan: *gesicht*, *genôch*, *gerive*, *gemien*, ensfh.

Mar it falt in bûtensteander dy't Frysk heart, ek daliks op dat ús taal, oars as it Hollânsk, syn ôfslutende mulwurden ('voltooide deelwoorden') foarmet *sûnder* help fan it foarheaksel *ge-*: (ik haw) *sjoen*, *brutsen*, *bûgd*, *bret*, (ik bin/it is my) *slagge*. It Frysk stiet fandatoangeande mear oan de kant fan it Ingelsk en it Hollânsk past op dat stik mear by it Heechdútsk.

Lang net altiten kin men *ge-* lykwols weilitte, omdat der dan betsjuttingsferskil ûntstiet: *doge* - *gedoge*; *bea* - *gebea*; *gesicht* - *sicht*, *sang* - *gesang*. Inkelde foarbylden: De klok giet net *lyk*/hja binne *lyk* - Ik jou dy *gelyk*; Dy man hat in grut *gebrek* - Yn dy pols sit in *brek*; De keapman joech op 't lêst *gelok* - It *lok* tsjinnet him; Hy hat *gelokkich* (= fertúnlik) west mei it ferkeapjen fan syn âld auto -

⁴In betúfte âld-korrektor as Dick Eisma kin dêr oer meiprate.

⁵Sjoch noat 1: S.T. Hiemstra, hdst. XIII 'De taalnoarm' (s. 249).

⁶Alteast as der net dúdlik sprake is fan in argaïsme. En dat lêste bliuwt in gefoelich punt. Wat net al te gongber mear is, kin lykwols wer gongber wurde. Neffens Douwe Kalma (1926) is in wurd eigentlik nea 'ferâldere'. It kin by de mannichte droegen wurde, mar ek apart en op himsels bestean 'yn in like suvere as wide iensumheid'. Ik kom dêr letter jit wolris op werom yn *Lyts Frisia*.

It jonge pear fielt him *lokkich* ('ynderlike tastân') en tefreden yn har nij hûs; in *ûngelokkich* berntsje (= hendikept, breklik en beheind fan lea)/in *ûngelokkige* (= ûnfertúnlike) hurdrider - in *ûnlokkich* houlik, ensfh.

Al is it foarheaksel *ge-* fan âlds faaks *liend* guod, it kin by net minder as fjouwer wurdsoarten foarkomme:

- *tiidwurden*: gebiede, gedoge, genearje (= de kost fertsjinje; jin behelpe), genêze, genietsje, geriivje ensfh.;
- *haadwurden*: gebod, gefaar, gefljoch, ge-omrin, geseur, gestin, gerak, gerjocht, geroft (it grûnwurd *'roft' komt net mear selsstannich foar), geslacht, getal, geútsyk, gewisse (it grûnwurd *'wisse' komt likemin selsstannich foar), ensfh.;
- *eigenships-* en *bywurden*: geskikt, gewant (= stevich, sterk), gewoard (= stevich, sterk fan minske of bist), gewoan, ensfh.

Hûnderten *haadwurden* kin men foarmje troch *ge-* foar de stam fan *tiidwurden* te setten: gepraat, geklei, gerin, gepiip, getjirch, gebiddel, gejammer, gehúshimmel, gekofjedrink en gean sa mar fierder.

Guon út it Hollânsk oernommen *ge-*foarms wurkje yn it Frysk idioomfoarmjend. Yn sinnen werjûn: *Nei alle gedachten* (nei alle tinken; nei alle wierskyn; foar 't neist(e); fan neisten) hat er it net dien; Dat *gebraden(tsje)* is net goed gear; Ik lit my neat oan him *gelegen* lizze: Hy soe syn kollega wolris efkes *geweken* nimme; Dêr is *allegeduerigen* wat te rêden; De jonge lju steane ûnder de *geboadens*; Wy hawwe gjin *gedoente* mei de buorlju; Ier[d]appels mei swiet jout gjin *gefallichheid* (= past net byinoar); Hja wol gjin *gemienskip* mei dy fint hawwe; Dat paad rint oer myn *gerjochtichheid*; Apelsmots yt ik allinnich as *neigesetsje*; Al *neigeraden* (sa stadichoan) waard it letter; Immen *ûngewosken* de wierheid sizze; Wy kroepen op in *ûngemakke* (= net opmakke) bêd; Eat *ûngedien* meitsje; in *ûngediene* (rûge, sloarderige) boel; slûch, wurch en *ûngedien* (= ôfmêde); mislik en *ûngedien* (= net sún of fit).

Dochs falt der noch wol ien en oar te standerdisearjen. By fariaasje tusken *ge-* as foarheaksel en de foarm sûnder *ge-* soe de foarm sûnder *ge-* as standertfoarm beskôge wurde moatte: *barre, brek/brekme, berchte/berchtme, heimsinnich, leard, lyk, likenis, liken, lykweardigens, lykberjochtiging, lok, lokkich, lûd, mienskip, slachte, wichtich*. Teminsten as de fariant net te sterk argaysk is en der gjin ferskil yn betsjutting is. De yn it *Frysk Hânwurkboek* (2008) as *hollânisme* (H) oanmurken foarms (en de gearstallings dêrmei) soe men **yn alle gefallen** mije en dus bûten de standert keare moatte. Tink bygelyks oan: *gebeure, gebrek, geberchte, gedaan, gedaante, gedachte, gedrach, gefangen, gefangenis, gegeven, geloof, gemoed, gemoedlik, gerucht, gesin, geskrift, gesondheidsbrij, gesprek, getuge, gewas, gewei, gewricht*. Dat túch mei in (H) moat derút, soe Kalma wol sizze.

De measte ynslûpsels sille de *Lyts Frisia*-lêzers wol in Fryske wjergader (wjergea) foar kenne. En wat bygelyks it hollânisme '*gewricht*' oanbelanget: de

beweechlike ferbining tusken twa of mear bonken is yn goed Frysk in *knier* of in *lid*. It hie better west as it *Frysk Hânwurdboek* (2008) de (H) jitrisk brûkt hie as der fierderop by *knier* in ferwizing folget nei it hollânisme 'gewricht'. En likegoed as der by *lid* ek ferwiisd wurdt nei datselde ynslûpsel. En yn in oare betsjutting fan *lid* ek nei it hollânisme 'deksel'. Dat 'gewricht' en 'deksel' allinnich by de yngong (stekwurd, trefwurd, lemma) in (H) meikrije is net genôch. De (H) soe by sokke ynterferinsjes dus werom komme moatte op oare plakken yn it wurdboek. En hawwe jo de earm wolris út it *lid* of út it *potsje*? As er mar net út 'e 'kom' (H.) rekket. Dan is it minder! Alleast yn it Frysk.

As skribinten fan learmiddels, lêsböeken of in artikel te hastich of te loai (de foarm 'lui' wurdt kreas mei in (H) oanmurken) binne om it yngongswurd op te sykjen of de kop (holle) der net goed by hâlde, dan reitsje se samar op 'e doele. En de wearde fan in goede Fryske standert is no krekt dat in Frysk-skriuwer pront (sekuer) wit wêr't er oan ta is. *Hollânismen* moat er oeral weromkenne kinne. Dan kin er se better ferbalje en ferbanne. Oars wurdt it wat langer wat mear in goarre. En dat is my net gûl om goarre. En allikemin Jut om Jul.⁷ Jo as risnabele lêzer ek net? Mij se dan as de brân. Wat sis ik? As de pest. Sa'n jacht is net 'leuk' (H) mear.

Sa kin 't earst wol wer. Ik sit yn dit earste nûmer fan 2011 lichtwol oan myn taks.

Sytze T. Hiemstra

(Bertus Postma)

Oan de achtbere D. Stellingwerf, boargemaster fan Lemsterlân

Bitgummole 27 july 2010

Achtbere Boargemaster,

"Zijn Vader werkte daar op het postkantoor. 'Ik heb van zijn kant Friese roots. Ik versta de taal en ben van plan die ook te leren spreken'." (LC, 15 jannewaris 2008) Yn in briefke fan 8 febrewaris dêroan haw ik jo lokwinske mei jo beneaming.

Ik haw jo en jo oare helte troffen yn de list fan Afûk-learlingen, slagge foar it NF 1-dieleksamen (LC 8 july 2009). Mei in briefke fan 13 july haw ik jo en jo frou lokwinske mei it diploma en der by skreaun, dat ik it oare jiers de Afuk-eksamenútslaggen wer goed neisjen soe.

⁷Lape of loarre of treant om toarre kin út soarte likegoed. Jo hawwe mar kar-út. En dat taaleigen past neffens my allegearre skoan yn ús eigen 'standerttaal'. Wat is ús taal doch ryk!

Fryslân-eksamens foar net-Friezen, Fryslân-A, -B, -C, se stiene yn de krante fan 15 july. Fiif fan jo boargers - trije fan Eastersee en twa fan De Lemmer - hawwe in diploma beskreft, Dick Stellingwerf en Jackeline Stellingwerf-van Gerwen misten lykwols yn 'e krante.

KristenUny-folk kin men oars op oan. Guon fan harren haw ik kennen: de Ferwerter âldboargemaster Jan Geersing, de steateleden Bram van der Werf (krekt ferstoarn) en Rein Ferwerda. It wiene/binne mannen út it hiele hout, mannen fan Mt 5:37.

"De ChristenUnie-man zegt zich geroepen te voelen om zich dienstbaar te maken aan de bevolking der Friese kustgemeente." Jo tasizzing wie ien fan tsjinstberens oan 'e minsken - politisy rêde har sels wol. Mar mei in NF 1-dieleksamen kin it net ta. Ik stjoer jo hjirby in wurdmannich út in rede fan dr.C.Gerretson, lang ferlyn holden yn de Earste Keamer. Foar 'de magistratuur' moatte jo mar 'it boargemastersamt' lêze.

No dogge suver alle nijbeneamde boargemasters wol de tasizzing, dat se har de taal fan har boargers oaneigenje sille, mar nei har ynauguraasje skriuwe se dy suver allegearre yn it ferjittersboek. Lykwols kin ik my fan in KristenUny-boargemaster net yntinke, dat er nei sa'n goed begjin de riemen binnen board leit.

'De ambtenaar is er voor het volk en niet andersom,' woe Gerretson hawwe. En mei in 'zich dienstbaar maken aan de bevolking' sizze jo itselde, tinkt my: de boargers yn hâr taal tsjinje. En spitich soe it oars gean op 'e Lemmer.

Mei Bitgummoolster achtinge.

**Ut
DOCH RJOCHT!
Rede
útsprutsen op 16 april 1952
Yn de Earste Keamar fan de Generale Steaten
fan
Dr. C. Gerretson**

Fa. J.Kamminga-Dokkum-1952

Zéker moet het mogelijk blijven, dat ook anderen dan Friezen tot de magistratuur in Friesland worden benoemd, mits die anderen dan ook maar Fries leren; zoals ook een Fries, die in overig Nederland een ambt begeert, Nederlands, en een Waal, die zulks in Vlaanderen verlangt, Vlaams moet leren. Is Fries leren dan zó moeilijk? Wisten o.m. de ambtenaren van ons Burgerlijk Bestuur in Nederlandsch-Indië, behalve Maleis, zich niet, waar nodig, een dozijn of meer heel wat moeilijker talen eigen te maken om de Indonesische volkeren naar den eis te kunnen dienen?

De ambtenaar is er voor het volk en niet omgekeerd ...

KAFEE 'ROM SICHT' (16)



Eltse lêste freedtejûn fan 'e moanne giet Fetse Friesema nei kafee 'Rom Sicht' om mei de maten Geart Gelyk, Minne Modern en Watse Wetich de tastân yn 'e wrâld yn it algemien en yn Fryslân yn 't bysûnder troch te nimmen.

Rommert Tjeerdsma

De mannen sitte al in hoartsje teplak as Fetse dêryn komt, want gewoanwei is hy meastal de lêste dy't oanskoot. Hy hellet in krante út de binnenbûse dy't er op 'e stamtafel útleit. Nijsgjirrich sjogge de maten nei wat dat no wer te betsjutten hat. Mar se moatte har bedimje, want Fetse nimt earst rom de tiid om fan syn bearenburchje te priuwen, in sensaasje dy't er mei eagen heal ticht ûndergiet.

'Wat moat dat mei dy krante?' freget Watse, dy't him net langer ynhâlde kin.

'Der binne op dat mêd ferskate mooglikheden,' giet Geart op dit fraachstik yn, 'sa kinne jo sa'n ding lêze fan foaren nei efteren of oarsom, jo kinne him foar't krús pleatse by 't reedriden, goed foar de kjeld en it heucht my ek noch dat wy him eartiids by ús folk

yn partsjes knipten, dy't dan yn 't húske tsjinst dienen om, sis mar, de hygiêne te befoarderjen.'

'It is net wier,' laket Minne, 'wat in primityf gedoch...'

'Jimme generaasje is yn wielde grut wurden,' falt Geart út, 'do soest mar ris in heale ieu werom moatte yn 'e tiid, dan soe 't dy raar troch de boksen sige!'

'Mar no witte wy noch net wat wy mei dy krante oanmoatte, 'seit Watse ûngeduldich.

'No, Geart hat oars mooglikheden genôch opneamd,' gnysket Minne, wylst er in fikse slok fan syn miksdrankje ynnimt. Geart leppelet de sûker troch syn slokje en is sa wiis om hjir net op yn te gean, wat op him sels al in wûnder is. Fetse pleatst de lege romer op 'e tafel en hellet de krante nei him ta, 'hjr wol ik it eefkes mei jimme oer ha,' hy wiist op in artikel op 'e foarste pagina mei as titel: 'Pop-

muziekles op school Tjalleberd.' It bliuwt in amerij stil want dizze nuvere krantekop moat eefkes ferarbeide wurde. Watse is de earste dy't wer by de les is.

'Popmuzyk...' seit er mei in gesicht as hie er krekt ûntdutsen dat de kat yn syn brijpanne skiten hie, 'bedoele se dêrmei dat heidensk lawaai dêr't jo tsjintwurdich oeral mei pleage wurde, sûnder dat se jo earst freegje at jo earen en senuwen dat wol ferneare kinne...?'

'Ja, ' antwurdet Fetse, 'ik woe't earst ek net leauwe, mar it skynt echt wier te wêzen...'

'No moat it net folle gekker wurde!' Geart slacht mei de fûst op 'e tafel, sadat de peuken yn 'e jiskebak, dy't Boate kastlein sûnt koart wer teplak setten hat, omheech springe.

'Tiid om harren memmetaal te learen is der sabeare net, skiednisles stelt neat mear foar en rekkenjen hat der ek wol oan, mar dit ûnsinnich gedoch kin dan wol? Hjir binne gjin wurden foar!'

'Ja, wat yn sabeare Ingelsk trochelkoar raze en balte,' falt Watse him by, 'sûnder in meldij en sûnder kop of sturt. Dy bern binne amper droech efter de earen, dan wurdt harren gefoel foar muzyk al de nekke omdraaid en dat op skoalle, it is in skandaal!'

'Ik hear it wol wer,' seit Minne, 'jimme binne efterbleaun yn 'e oertiid, m/'an, popmyzyk dat is it hielendal, dat is fan dizze tiid, wurd ris wekker.'

'No wekker wurde is gjin pro-

bleem en wekker bliuwe mei sa'n lawaai, ek net,' seit Fetse wylst er de twadde konsumsje ynnimt, 'mar it slimste is noch dat dy rotsoai jo oeral sûnder te freegjen opkrongen wurdt.'

'Ja dat is sa,' falt Geart him by, 'de frou wol my altyd wakker mei hawwe te boadskipjen, dat is my wol goed, mar ik sis der altyd by: ik wol allinnich nei de Aldi of de Lidl, want dat binne noch de ienichste winkels dy't net út alle macht besykje om de klanten ta de doar út te jeien mei dy rotherje.'

'Jimme binne oan in gehoarapparaat ta,' seit Minne gnyskjend, 'dan kinne jim de knop omdraaie at jim muzyk hearre.' 'Ik tink datsto earder sa'n ding hast as ús,' reagearret Watse, 'want do fernielst dyn gehoar dêr ek noch mei omdat earen sa'n ûnfoech leven net ferneare kinne.'

Fetse nimt de krante nochris op. 'Dêr stiet op 'e selde side noch sa'n moai berjocht,' seit er wylst er nei de in grutte kop wiist: *'De brandweer komt en weg is de gans.'* Stêdlju seagen in gâns op it iis sitten en fuortdaliks rûnen de sentimenten himelsheech op, *zielig* foar en *zielig* nei. Earst kamen twa manlju fan *stadstoezicht* te sjen, doe waard de *alarmcentrale* skille. Dy kamen mei, hâld jim fêst, in *hoogwerker*, in *hulpverleningsvoertuig*, in *tankspuit* en in *waterongevallenwagen* mei tsien brânwachtmannen. Doe waard der in dûker yn sa'n pak op ôfstjoerd mei in slide. Doe't dy hast oan it bist ta wie, gie de gâns op'e

wjokken en koenen se him neisjen.’

‘It is net te leauwen,’ seit Geart, ‘en dat om ien gâns. Wat soe dat wol net koste hawwe, no wol ‘k wol leauwe dat de gemeente besunigje moat.’

‘At se it no oan in gâns of oan Cambuur útjouwe, it is beide kearen weismiten jild,’ docht Watse noch in sint yn ‘t ponkje, ‘mar gjin probleem, jo ferheegje gewoan de belêsting wer wat en Jan mei de koarte efternamme betellet wol wer.’

‘No’t jim it oer guozzen hawwe, myn oerpake jage dêr eartiids op,’ seit Minne, ‘neffens de ferhalen hie er in guozzeroer, in gewear mei in

hiele lange loop. Der moast altyd in man mei, dy moast dan de loop fan it roer oer it skouder hawwe at der sketten waard, oars wie dat swiere ding net rjocht te hâlden.’

‘Ja, dat wienen al oare tiden,’ stimt Fetse mei, ‘ik ha ‘t der ris hân...’ Mar hy wurdt yn ‘t wurd fallen troch Boate, dy’t oankundiget dat it de heechste tiid is.

‘Oer tiid sprutsen,’ seit Minne noch, ‘nearne net om Boate, mar wurdt it net ris tiid datst mei de tiid mei giest en hjir wat popmuzyk yn ‘e saak draaist?’ Boate lûkt in gesicht as wurdt him in ûnseedlik foarstel foarlein.

‘It soe myn lêste wêze,’ seit er.

MENAMER KULTUERBARBARIJE

Earst yn Amsterdam en neitiid yn Eindhoven hie ik in keamer tichteby in bibleteek fol boeken en tydskriften. De lêsten wiene foarnamer as de boeken ynsafier’t se de nijste ûndersiken beskreaune. Fan guon, Russysk-talige tydskriften, koe frijwol nimmen yn de westerske wrâld de artikels lêze, mar de belangrykste waarden yn Amearika yn it Ingelsk oerset. Der wie doe ûnder de kollega’s nimmen dy’t in tekst dêryn net lêze woe, omdat de oarspronklike ynhâld fan oarekant it izeren gerdyn weikaam. It wie elk om ‘e kennis te rêden, dy waard net skifte.

Bertus Jans Postma

Fan wittenskip en wethâldster

Yn maartmoanne fan 2006 krigen wy yn Fryslân ús eigen wetternammen werom, dat by beslút fan de steaten fan de 15-de. In pear moanne letter krigen wy yn Menameradiel in nij b. en w.-

kolleezje fan fjouwer froulju. Ien fan de trije wethâldsters wie de FNP-stjir dy’t no as nûmer trije op ‘e kandidatelist foar de steateferkiezings stiet. Yn de jierren 2006-2010 haw ik as ynsprekker yn de rie(dskommisje) twaris opmurken, dat de hollânske wetternammen op de plattegrûn yn de gemeentegids de ferkearde wiene, en frege, wêr’t ús eigen bleaun wiene. Dêrnei

hat de pompeblêdestjir yn in gearkomste fan de krite Karel Roarda útlein, dat myn ynspraak in saak fan rie(dskommisje) en my west hie en bûten har om gien wie - mar se hie der wol by sitten, dat se wist fan de klacht. Foar har hie it lân oars lein, as de rie har noege hie om 'Menaldumervaart' en 'Berlikumerwijd', ensamear, nei Wijster ta te stjoeren.

It komt my sa oan, dat ús Frysk-nasjonaal kolleezjelid miende, der hong in izeren gerdyn healwei Menaam-Bitgummole dat goed en ferkeard skifte: goedens oan har kant, tsjoedens oan myn kant. Maxima soe sizze: 'In bytsje dom.' Jou my de wittenskip mar.

It earste boargerinisjatyf yn Menaam.

Der waard en wurdt gauris klage, dat minsken sa'n bytsje niget hawwe oan it wurk yn har gemeenterie. Dy niget soe faaks grutter wurde as boargers ek in, mei it wêze lytse, rolle yn de riedseale spylje koene, as se ek yn it riedswurk behelle wurde soene, Alwer wat jierren ferlyn hawwe se it boargerinisjatyf útfûn: minsken mochten in ûnderwerp op 'e riedswurklist sette litte en by it besprek derfan mochten se it ferdigenje. Yn de Menamer riedsgearkomste fan 10 desimber 2009 kamen PvdA, FNP en GriensLofts mei in oardering foar sa'n inisjatyf. De fraksjes woene de drompel sa leech mooglik hâlde, ien hân ûnder in inisjatyf -en minder koe ek net-soe genôch wêze. Dat lêste kaam my goed út.

Ik wist fan it bestean fan eigen-

talige karbrieven foar gearkomsten yn de steateseale en yn guon riedsealen. Sa'n karbrief foar Menamer rieds(kommisje)gearkomsten soe dochs ek mar wer in stikje bûter yn 'e brij wêze. Om it safier te krijen hong ik aldergeloks net fan oaren ôf. De slûgen mochten 'rêstich slomje en de kâlden stil ferklomje' -Fedde Schurer fansels. Yn it gemeentehûs wie fuort al de frage, oft foar sa'n ienfâldich ûnderwerp it swiere middel fan in inisjatyfútstel brûkt wurde moast. It andert wie fan 'Ja. De ûnderfining mei de wetternammen -hjrbope beskreaunhie ommers wol útwiisd, dat it kolleezje him oan in ynspraak it measte net gelegen lizze liet'.

Fersyk Boargerinisjatyf

Foar natuerlike persoanen:

Oan de gemeenteried fan Menameradiel

t.o.f. de foarsitter

Underskreaune fersiket hjirby it folgjende útstel/ûnderwerp op de wurklist fan de gemeenteried te setten:

'Reglemint fan oarder foar de gearkomsten en oare wurksumheden fan de gemeenterie fan Menaameradiel' yn it plak fan it 'Reglemint van orde voor de vergaderingen en andere werkzaamheden van de gemeenteraad van Menaldumadeel'.

Taljochting op útstel/ûnderwerp, ynklusyf wannear fan tapassing, globale kosterûzing:

1. De rie fan, leau 'k, 2002-2006 hat ús de eigen wetternammen weromjûn, dy fan 2006-2010 hat de ûneigen gemeente- en

- doarpsnammen ôskaft, de rie fan 2010-2014 liket oan bar te wêzen om by te dragen oan de foarútgong fan it minskdom.
2. Us gemeente sil net de earste wêze mei in eigentalich reglemint. It Provinsjehûs hat syn 'Reglemint foar de steatekommisjes 2005'. Takomme jier wurdt in 'Reglemint fan Oarder fan Provinsjale Steaten' makke, hat de griffier my skreaun. It lêste 'Reglemint fan oarder foar de gearkomsten en oare wurksumheden fan de rie fan de gemeente Littenseradiel' is fan 2005. Se meitsje yn Wommels in nij reglemint, hat in wethâlder my fernijd. Yn Ferwerderadiel, ien fan de fjouwer Middelseegemeenten, is it 'Reglemint fan oarder foar de gearkomsten fan 'e ried fan 'e gemeente Ferwerderadiel' fan 2002. De rie is oan bar, hy kin de folksfertsjintwurdigings yn St. Anne en Stiens pyksette.
 3. De Rie fan Jerope draacht oan ús emansipaasje by mei syn 'Hânfest foar de streek-talen of talen fan minderheden' en syn 'Ramtferdrach foar de beskerming fan nasjonale minderheden'. It lânsbestjoer hat ús as nasjonale minderheid erkend by wet fan 2 desimber 2004. Yn it Provinsjehûs binne alle steatefraksjes yn de steatekommisje-Frysk feriene. Dy kommisje hat deropút west om foar de taal in plak yn de grûnwet te beskreppe. No kin de rie ek in haal dwaan.
 4. Op alle nivo's wurdt geregeldwei in stap set op 'e lange wei fan de besteande ûnevenwichtigens oer de lykweardigens en lykberjochting fan de beide grutte talen nei it doel fan 'e reis, i.e., de lykweardigens en lykberjochting fan minsken, fan beide grutte taal groepen fan minsken. (ferl. 'Fan geunst nei rjocht', side 51) De rie wurdt no om sa'n stapke frege.
 5. Op 21 maart fan 2011 wurdt it âlde 'Reglement van orde(...)' ôfskaft en it nije 'Reglemint fan oarder(...)' komt der foar yn it plak: in nije maaityd, in nij reglemint!
 6. Yn de tekst fan it besteande reglemint haw ik in 8600 wurden teld. Foar de oersetting rekkenet ien in priis fan 12 sinten/wurd (€1032 mei-inoar) en in oarenien 11 sinten/wurd (€946 mei-inoar) of 6 sinten it wurd (€516 mei-inoar) as de wethâlder earst sels de tekst oersette soe. By elk fan de bedraggen komt noch de 19% oan btw, mar dy kin de gemeente weromkrije, is my ferteld.

It riedsoardiel.

Us rie is in kleurepracht sa't syn leden yn optocht it slachfjild oprinne, earst it trijelidige koälysjepart en dan -mei in passende tuskenromte- it opposysjediel. Koprinder is it giele findel fan de mânske, fjouwer man/frousterke, GemeenteBelangen, twad de

griene CDA-garde fan ien suster en twa bruorren en tred de blauwe (P)VVD- brigade, in twamanskip. In heale minút letter komt de trijedielige opposysje der yn, earst de readsjes fan de PvdA -ien kammeraatske en twa kammeraten-, twad de pompeblêdefraksje fan twa Berltsumer hûne-iters en as lêste de GrienLoftse ienling.

Fan de gieltsjes wie gjin 'akkoart' te ferwachtsjen. 'Al den dei roppe se, dat se net tsjin it Frysk binne, om dan dochs gjin gelegenheid foarby gean te litten om de Fryske saak ûnderstek te dwaan'. De lytste fan de beide GBM-satelliten, de blauwe (P)VVD, moat likemin wat fan Fries en Frysk hawwe as Wilders syn PVV fan Islam en Koran. Myn útstel wie him in mooglikheid om syn wearze út te wierjen. Ik hie al wat op 'e grienlingen rekkene mei har grûnslach fan gerjochtingens, mienskiplike ferantwurdlikens en rintmasterskip. Us kristendemokratyske suster beheinde har lykwols ta de opmerking dat twataligen it besteande karbrief wól lêze koene, mar net alle ientaligen de oersetting. Frysk-nasjonaal wjerlei dy fuort, mar dat koe suster neat skele. Se hie har wurdasje sprutsen en dêrmei út. Foar it gefal dat se de goaden der net mei op har kant krige, soe suster de duvel wol sa fier krije. Yn de hiele koälysje wie gjin spoar fan geast te fernimmen, it wie allegearre dressuer. De readsjes, hiene yn de kommisjegearkomste it inisjatyf net ôfwiisd, en yn de rie achten se 'it wichtich dat it lokale bestjoer wurket oan it stimulearjen

fan de Fryske taal, mar in Frysk reglemint fan oarder draacht der net oan by'.(oantekens) En sa foel it útstel mei tolve stimmen tsjin en de trije fan de FNP en GrienLofts foar oan moster op 'e rotsen fan read, grien, blau en giel, de kleuren fan Menameradiel.

It sei fansels, dat de gieltsjes wakker te sprekken wiene oer har beide satelliten, dy soene se nei de ferkiezings yn 2014 elk wer in wethâlder oanbiede. It foel my op, dat nimmen op myn taljochting yngien wie, mar dat elke wurdfierder binnen de gemeentegrinzen bleaun wie en dat yn elk fan de grutte partijen -CDA, PvdA en (P)VVD- de kleau tusken steate- en riedsfraksje sa djip wie: syn folksfertsjintwurdigers yn it Provinsjehûs, ta in hichte, profrysk, dy yn it Menamer gemeentehûs kontrafrysk.

Alle kearen dat Cato (234-149 f. Kr.) yn de Romeinske senaat oan it wurd wie, woed er Carthago, grutste konkurrint fan de Romeinen, tsjin 'e flakte hawwe. Nei syn dea krige er syn sin. (146 f. Kr.) Sa sawat soene wy hjir ek mei Menaam oan moatte: in PVV'er breidet alle kearen syn rede yn de steateseale ôf mei in 'en fierdersoan bin ik fan betinken, dat Menaam ferwoastge wurde moat'. Yn de tiid dat de soldaterij en de kommissaris-beneamings desintralisearre wêze sille, wevet de fleanfjildkolonel op heech bestel fan de, fan de steaten beneamde, kommissaris ôf mei it trouweleaze Menaam. En de gemeente sil wer oplibje, groeie en bloeie!

Snipers (7)

Begjin febrewaris 2011: it Fryske toanielberopsselskip Tryater yn it Amsterdamske Bellevue. Wat sil dat! It slacht ús gau yn de skonken fan benaudens (it is meastentiids ek gau wer oer). Yn alle gefal is de earste reaksje net it triomfantlike lykas by de alvestêdentocht op redens. Dy is fan ús, kin nimmen ús ôfnimme. Mislearret it troch teiwaar, ride se te hurd of te sunich, moatte se troch bergen snie mei in froast fan mear as tsien graden, nimmen dy't him ús ôfnimt wy bliuwe keapman en de triomf is uzes. Rint it mis, oan ús hat it net lein. Mar it kin net misrinne. By oare gelegenheden giet it doch faak oars. Geheime bygedachten as, jonges, is dit net te bot, giet it net boppe de macht. Lege sealen, hjir en dêr in protsje folk, slap spul, sleau fersoarge: se binne de tekst kwyt, stroffelje by it opkommen en binne der noch grutsk op ek. Wurdt it net, sa't sk oanheit it by syn libben neamde, in grut 'fosko'? Seis jûnen oanien.

Hoe oars betearde it. In seal fol minsken, sa'n 80, en gjin wanklank heard. Frjemd genôch ûnder it publyk nammers ek gjin Frysk, de moandeis helendal net, de freed s ien. In belangstellende lei op de frage wat him hjirhinne dreau?, minlik út: nee, geen Fries, een huisje in Tzum'. It selskip ferraste al mei it keazen stik: fan de faak nei it humoristyske en absurde skaaiende Flaamske skriuwer Tom Lanoye, yn it Frysk beârbeide en brocht mei libben, derten spul, goed treend, keunstkes, somtiden suver sirkus-acts en akrobatyk; flot-floeiende teksten dy't de mûle út en it ear yn woene, goed Frysk en doch net te dreech foar Amsterdamske earen. Mei alloch- en autochtoanen, in eigentiidske problematyk fan projekt-ûntwikkelaars, net te pretinsjeus of sabeare djipsinnich mar mei humor en grapkes en fansels- net it minst wichtige - rêdsum, yn mimyk en gebeart beweechlik en op 'e tiid komysk. It die goed Tryater ris yn in oare setting mei te meitsjen.

Dat it yn 'e kunde kommen sa foldie, wie in ferrassing, ek al wie it selskip yn in oar en earder libben withoefaak meimakke. Tsiens manlju/froulju en gjinien dy't út 'e toan foel ek noch. De regisseuse en de tekst-makkers (û.o. feteraan Riens Gratema) hawwe fansels har oanpart yn it moaie barren hân. Dêr't it tempo, de gong, apart fan neamd wurde mei.

Alhiel net om utens mar ynwendich op en út is it Sintrum Frysktalige Berne-opfang dat ûnder de flagge Hûndert Honderd(2×) syn jubileum yn Drachten fierde. Fansels ús hertlike lokwinken. 'It is safier.' Yn 2003 hie de provinsje as betingst foar subsydzje de opdracht jûn, ien jann. 2011 moasten der hûndert pjutteboarters-plakken en bernedeiferbliuwen wêze mei in bewust Frysk- of twatalich belied. Oars sein, hûndert plakken mei liedsters, it SFBO en it mennidzmint, allegearre warber en har ynsettend foar de twatalige ûntwikkeling fan de bern.

12 Jannewaris koe it in feestje lije, want it wie slagge en it tal helle. Yn Drachten, mei deputearde mefr. Jannewytske Barelds de Vries, P.v.d.A.,

en Ad van der Ham, foars. CDA-fraksje yn Prov. Steaten foar de polityk. Fan it stichtingsbestjoer Sikko de Jong, foarsitter; de dames (foar in partâlde kunde) Sytske de Boer en Marike Elsinga foarmje de direksje. De lokwinken geane yn it earste plak nei de neistbetrutsenen en de lju dy't it wurk by sinneskynwaar en reinwetter fersette. Moai wurk dêr't de oerheden har ek wakker mei fergulde toanden. In blyk fan erkenning en hulde foar it wurk is ek hjir op syn plak.

G. Abma

Oan de Haadredakteur fan de Ljouwerter krante

Bitgummole 28 maart 2011

Achte Snijder,

'Voor reacties, opmerkingen en aanbevelingen houden we ons aanbevolen.' Dat wie de lêste sin fan jo 'Geachte lezer' yn 'e krante fan 12 maart.

Ik hie jo al ris wat opmerkings tastjoerd yn in briefke fan oktober 2010. Mar oars as mei in brief oan jo foargonger Mulder - dat wol beëndere waard - is it mei myn oktoberskriuwen gien: jo binne der net op yngien.

'De Leeuwarder Courant gebruikt in haar berichtgeving over onze provincie de officiële gemeente- en plaatsnamen, ook als die Friestalig zijn: Reduzum, Easterein, Burgum. De officiële naam van de provincie is Fryslân, een inmiddels ingeburgerde naam. Deze 'stavering' zal de LC voortaan ook gebruiken.' (krante fan 25 septimber, 2010) *It wiene jo wurden.*

Lykwols sûndiget jo krante noch wol gauris tsjin ús gemeente-, doarps- en wetternammen. Yn de krantekolommen wurdt ús lânsnamme Fryslân suver alhiel mijd. En dat strykt net mei jo tasizzing, dat de Ljouwerter dy namme ('deze stavering') tenei brûke soe.

Sein is sein, is hjir it sizzen en lyksa is 'skreaun skreaun', tinkt my. Op it wurd fan de LC-haadredakteur moat men oan kinne.

Oars, mei Bitgummoolster achtinge.

Wy hawwe noch gjin nije foarsitter of skathâlder fûn, dat it bliuwt ûnwis oft *Lyts Frisia* trochbestean sil. It lidmaat-skipsjild is € 10 en it lêsjild € 7,50 wurden.

Wy kinne fansels ek net trochgean sûnder jo kopij. Dat kinne bydragen wêze op

it mêd fan Fryske striid, Fryske literatuer, Fryske skiednis, Frysk ûnderwiis, fersen en ferhalen. Foar it juny-nûmer moat dat ynstjoerd wurde foar 1 maaie nei: Redaksje 'Lyts Frisia', Plantage Doklaan 13 1018 CM Amsterdam, E-meel: abma.g@wanadoo.nl. Foar mear ynformaasje: Jan Jongasma, tel. 0511-463869.